



Prik tsjin koroana: ja/nee

De prik beskermet dy tsjin koroana

Guon minsken wurde bot siik fan koroana. Sy krije hege koarts en muoite mei sykheljen. In prik tsjin koroana beskermet dysels, en úteinlik ek dyn famylje en oaren. Nei de prik hast minder kâns om siik te wurden. Wat mear minsken de prik nimme, wat lestiger it koroanafirus him ferspriedt. As in soad minsken de prik nimme, kin der hieltyd mear en komme der minder koroanaregels.



Do kiest sels

Do kiest sels oftst de prik wolst of net. De prik kostet neat. Guon minsken wolle de prik net. Bygelyks om wat se leauwe. Of om't se benaud binne foar de klachten dy'tst soms krijst nei de prik, lykas in seare earm en pineholle. Hast twivels of fragen oer de prik? Belje dan mei dyn húsdocter.




Nei de prik

Nei de prik is it belangryk datst noch hieltyd de koroanaregels folgest. Want it koroanafirus is der noch hieltyd en de prik beskermet net foar 100%. Ek is it noch net bekend oftst nei de prik it koroanafirus noch trochjaan kinst oan oare minsken. Dat wurdt noch ûndersocht.



Teste

Lit dy teste ast nei de prik koroanaklachten hast. De kâns datst koroana krijst, is lyts, mar it kin noch wol. En kinst miskien ek oare minsken besmette.



alleen **samen** krijgen we
corona onder controle

Hast noch fragen?
Sjoch dan op [coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl)
of belje mei 0800-1351